

🎵 Gerben Rypma Siedkerlen wurde op muzyk setten 🎵

Gerben Rypma hat net allinnich gedichten mar ek rom 400 siswizen skreaun, mei as titel *Siedkerlen*. Mei elke Siedkerl wurdt in boadskip siedde sa as: *Wiersizze is better praat as wierprate* en *Wa't neat ferlanget besit it measte*.

It plan is dat komponist Feike van Tuinen fyftjen fan dizze Siedkerlen op muzyk set, spesjaal foar bariton en piano. De Siedkerlen wurde begjin 2021 mei in premjêre-konsert yn Súdwest-Fryslân presentearre en dêrnei op ferskate oare lokaasjes útfierd.

De Siedkerlen wurde ek beskikber steld oan oare muzikanten sadat se provinsjaal en lanlik útsiedde wurde.

Inkele foarbylden fan Gerben Rypma Siedkerlen dy't op muzyk setten wurde:

- Underfining is de spize dy't men sels ite moat
- Wiersizze is better praat as wierprate
- Der binne minsken dy't safolle forstân ha, dat hja net to brûken binne
- De minske is it oerwurk, de hoop wynt him op
- Hwa't neat forlanget besit it measte.
- Jild giet troch alle doarren, op 'e himelsdoar nei.

Jild giet troch alle doarren

Feike van Tuinen

Tempo di siciliano

Solo

Piano

f *mp* 3

- In hastich minske moat op in ezel ride
- Set in kikkert yn 'e stoel - Hy springt wer yn e poel
- In goed sin is de bêste pronk

De folgjende stap is fûnsen sykje om it finansjeel mooglik te meitsjen. En in geskikte lokaasje foar de premjêre finen fansels.

We hâlde jimme op e hichte.

Gerben Rypma Stifting | Feike van Tuinen